

Woah Black Betty

(Ljouwert, De Gouden Leeuw, 24 maaie '23.)

de skurft ha ik oan kuddes fan laffe, yn swarte hoodys
en bivakmûtsen stutsen dronken harsens dy't harsels
keizer fan it stadion achtsje

hast likefolle skurft as oan asosjalen mei in hiel lyts túntsje
dêr't se sa'n moskito yn plantsje
tsjin katten en ynsekten

lytse horrorbakjes dy't mei skriemlûd
berne-earen martelje
it begjint mei in tikje dat klinkt
as knapt der wat yn dyn kop

katten

lizze der trouwens gewoan njonken

dat ik mei hoopje dat se de plantebakken en de ornaminten mei buddhabyldsjes
en oare opsjolke pronkerij finaal ûnderskite. fok you pronktúntsjes en
kattehaters mei moskito's en swarte hoodys om dronken harsens

op mominten fan swakte genietsje ik fan de fantasy dat in fleantúch
fol hooligans yn in túntsje mei in moskito delstoart

en út de himel wei sjogge de ingeltsjes op my del
en yn de flinterstrûk naaie de ingeltsjes der op los
en yn it finsterbank falt in buddhabyldsje om
en in wyfke op de brommer
sjongt mei knetterjende stim
whoa black betty!

op mominten fan swakte swalkje ik de stêd yn
en sjoch de ferware oanplakbiljetten
foar de derby dy't ferlern gong:
moarns: bierontbijt
dan mei fakkels yn staasje nei it stadion
dresscode: swart

ik swalkje de stêd yn oan de sinnekant fan in ranende dyk
en it fanke dat tsjin it ferkear ynfytst ropt
'Waarom heeft iedereen zo'n kuthumeur?'
en alle hûnen blaffe
'hâld dy de bek ferdomme'

moat ik dan it nijs net lêze?
moat ik net mear bûtenkomme?

‘ik ha dat mispunt derút skopt’
seit in mem yn it smelle skaad fan in jonge beam
tsjin in krûme man mei wangen fan lear.

dit gedicht is as in eks dêr’tst hielendal mei klear bist
en dy’t mar hingjen bliuwt en

fok you heale soal op de fyts
dy’t oer de rotonde tsjin it ferkear ynrydt
fok you stuollen en tafels op it stoepke
by de kroech sadat ik oer in fytspaad fol elektryske duvels rinne moat
fok you healopfretten broadsje hamburger spesjaal
njonken de kliko by de snackbar

der hinget in lucht fan deade fisk, seefûgels krasse as moskito’s
want achter yn de tunen frette ynsekten ús ierdbeien op
èn terjochte

en de workshop *Hoe pleeg ik een perfecte moord*
giet fannejûn net troch fanwegen
tefolle belangstelling

en it wyfke op de brommer sjongt mei knetterjende stim
woah black betty
bam-ba-lam!

en de sinne klaut har neils yn reade nekken
men krûpt yn it skaad as krûpt men yn in iepen bek
der knapt wat yn myn holle en myn earen skrieme
woah black betty, blaf foar de nacht in finster iepen
en dyn sliepkeamer sûget him fol bloed